[0209] 24. Skierm. *begeelje.*

Yn syn beide wurdlisten fan it Skiermuontseagersk hat D. Fokkema [4]) it nijsgjirrige *begeelje* fêstlein, dat de eilanners brûke yn 'e forbining `*ik hew my wat begeelje latten',* hwat sa likernôch oerienkomt mei `hja ha my in skoftsje ophâlden'. It tiidwurd *begeelje* `ophâlde' is yn it fêstewâlsfrysk net bikend en op it earste each kinne wy ek net in oare Germaenske tael oanwize, dy 't in bisibbe foarm biwarret. De samler fan 'e eilanner wurdfoarrie freget, oft *begeelje* faeks mei it nijingelske *to beguile* gearhinget, mar neffens my hat it dêr neat mei út to stean. Ommers yn it stik fan lûding en bitsjutting ûntrinne dy beide inoar fierstento fier: it ingelske *beguile* `bidrage, bigûchelje, forrifelje' is ôflaet fan it haedwurd *guile* 'list, bidroch, gûchelderij, forrifelderij', dat fan it Aldfrânsk oernommen waerd.

4) D. Fokkema, 2500 Wezzen, s. j. [1958], s. 5 en: 5000 Wezzen, s. j. [1961], s. 7.

Doe 't it my net slagge om de gearsetting *begeelje* yn in oanswettende sprake werom to finen, haw ik om in wjergea fan it grounwurd *geelje* socht. Dat gesneup die mear fortuten, hwant op in dei seach ik ynienen, dat der yn it Angelsaksysk in tiidwurd *gǽlan* bistien hat. Noch ear 't it gelikense komôf foar my fêststie, foel it my op, hoe goed oft de omskriuwings 'hinderje, forhinderje, bilette, ophâlde, opkeare, tsjinhâlde, forletsje' mei dy fan it Skiermuontseagerske dialektwurd strike. Bosworth-Toller [1]) jowe foar it oerbringende ags. *gælan* op: 'to hinder, delay, impede, keep in suspence', of yn it Latyn: 'retardare, morari, impedire', en as twadde foarbyld lêze wy by harren: `*Swǽ mon oft lettfundiendne monnan, ond his færelt gǽlþ, swǽ gǽlþ se lîchoma ðæt môd'*, 'lyk as in hastich rinnende man faken ophâlden wurdt en syn reis opkeard, sa keart it lichem de geast'. De bitsjutting fan it neamde tiidwurd komt allyksa klear en dúdlik út yn dizze oanhalen : '*Þeâh hine singale gêmen gǽle*', 'alhoewol't oanhâldende soarch him hinderet' en '*Hê men gǽlep ǽlces gódes*', 'hy hâldt de Iju fan alle goede dingen tobek'. It stik fan Joh. 10 : 24, dêr 't de Joaden tsjin Jezus sizze: „Hoe lang hâlde jo ús yn it ûnwisse?", wurdt earne yn it Aldingelsk oerset mei: "*Hû lange gǽlst ðû ûre lîf?*".

De romte fan fynplakken yn 'e wurdboeken docht wol bliken oan, dat it Angelsaksysk dit *gǽlan* wakkere hiem hie. Bûtendat bistiene yn dy tael de gearstallings *a-gǽlan* en *to-gǽlan,* mar spitigernôch net *be-gǽlan!* Wylst *to-gǽlan* mei 'ûnthilligje, skeine' werjown wurde moat, binne de bitsjuttings fan *a-gǽlan* fierhinne gelyk oan dy fan it grounwurd. Wy folsteane dêrom mei in stikmannich foarbylden fan it lêste, dat Bosworth en Toller [2]) yn it Latyn omskriuwe mei 'impedire, retardare, morari, negligere' en yn it Ingelsk mei 'to hinder, occupy, detain, delay, neglect'. As earste aanhael nimme wy út harren wurdboek oer: *Me ðios siccetung hafaþ agǽled,* 'dit suchtsjen hat my hindere', dêr 't wy as twadde oan folgje litte: *Gif hê hine agǽlde Godes þeowdômes,* 'as hy himsels fan it tsjinjen fan God ôfhâldde'. De oersetting 'forwaerloazgje, forsomje' is tige op syn plak yn it neikommende foarbyld: *Ic mîne tîd-sangas oft agǽlde,* 'ik haw myn ûren fan gebet faken forsomme'.

Slagge wy nou de foarming fan ags. (*a-*, *to-) gǽlan* en skierm. *(be-)geelje* acht, dan merke wy in ûnderskie yn 'e útgongen op. It ags. wurd hat him ûntjown út germ. **gailjan* [3]) en heart dus ta it earste skift swakke tiidwurden. Hwat it skierm. *begeelje* oanbilanget, moatte wy mei twa mooglikheden rekkenje. Is de útgong *-je* fan 'e nammefoarm al âld, dan meije wy *begeelje* tobekbringe ta âldfrysk **bigêlia*, in swak tiidwurd fan it twadde skift, dat út germ. **bigailôn* fuortkommen wêze sil. It eilanner *begeelje* kin lykwols ek, sa 't wy dat yn it Frysk wol faker sjogge, nei de twadde klasse oergien wêze, m.o.w. wy moatte in âlder **begêle>*bigailjan* oannimme, dat dan yn allen mei ags *gǽlan* lykslein wurde mei. Hokker fan dy beide forklearrings it measte eigenskip hat, is min to sizzen, om 't der gjin âld- of midfryske foarmen fan *begeelje* optekene binne. Tinke wy oan de àl oerlevere, sa nei bisibbe ags. wjergea, dan hat, as wy dochs in kar dwaen moatte, de lêste útliz de pré. De ûntjowing fan skierm. *ê* is sawol

1) J. Bosworth - T. Northcote Toller, An Anglo-Saxon Dictionary, Oxford 1882, s. 356.
2) J. Bosworth - T. Northcote Toller, An Anglo-Saxon Dictionary, Oxford 1882, s. 27 en T. Northcote Toller, Supplement, Oxford 1921, s. 28.
3) J. Pokorny, Indogermanisches etymologisches Wörterbuch, Bern 1959, s. 420.

yn it iene as yn it oare gefal neffens it boekje, [1]) hwant germ. *ai* wurdt yn it Aldfrysk yn sletten wurdlidden foar inkeld bylûd en allyksa foar *i, j* fan it neifolgjende wurdlid ta *ê* [2]).

Doe 't wy de bisibbens fan skierm. *begeelje* en ags. *gǣlan* net mear bitwivelen, wiene wy binijd, oft dat tiidwurd ek noch earne oars yn it Germaensk foarkaem. It die ús bliken, dat de neiste famylje fan it anglo-fryske wurd mar o sa lyts is en dat yn gjinien tael de wjergea sa goed mei it skierm. dialektwurd strykt as krekt yn it Aldingelsk. Yn it foarste plak komt dan it âldnoarske *geila* `skiede' yn 'e nominaesje, dat yn forbân mei de grounbitsjutting fan 'e stamme *\*ghēi-*, *\*ghī-* `gaffelje, gouwe' út `opkylje, opspjalte' [3]) forklearre wurdt. Fierders hinget dêr neffens de taellju noch it nijnederlânske *gillen* mei gear, dat de seil- en skûtmakkers brûke foar `skean ôfsnije, skean ôfseagje'. Wylst de tiidwurden, dy 't mei it efterheaksel *-1* fan 'e neamde ydg. stamme ôflaet waerden, mar minmachtich binne, is der in hwat greatere kloft haednammen, dêr't dy selde basis yn stiket, forlykje âldnoarsk *geil* f. `kleau, spjalt'; âldnoarsk, nijnoarsk, nijyslânsk *gil* `rotsspjalt', nijingelsk (dial.) *gill* `nauwe delling' (út it Skandinaefsk); âldheechd., middelheechd. *gil* `breuk, hernia'; mnl. *giel* `iepen bek, wide waffel'; nijsweedsk (dial.) *gilja* f. `berchpas', hollânsk *gilling* `skean ôfsniene kant fan in seil, skean ôfseage balke of planke', nijfrysk *gealing* [4])`skean ôfsniene kant fan in seil'.

Yn it ramt fan dit stikje is it net dwaenlik en bisprek wiidweidich alle wurden, dy 't fierders mienstammich mei de hjirboppe neamde útrinders binne. In graed uterliker as dy wurdkloft is de hiele rige ôfliedings, dy't mei ûnderskate oare efterheaksels fan 'e selde stamme foarme waerd. Hwat ús eigen tael oanbilanget, wize wy op *gabje* 'út in great gat blieze, greatsprekke, opswetse', *gaffel*; gagel (*gaggel*) `forwulft yn 'e mûle'. *gapje; gasp*; *gavels* `toskfleis'; gearje `skean tarinne'; *geije* `giere, lûd roppe fan'; *gek* `draeijer, waeijer [op in skoarstien]'; *gib* (nnl. *geep* [in fisk]); *gybje* `nei de siken gapje'; *gibelje, gigelje, giggelje; giizje* `gnize, giisgobje'; *gyk* `ûnderste hout fan in steand seil'; *gouwe* `gapje, longerje op'.

Lyk as men by Pokorny sjen kin, wie de stamme *ghē-/ghə-* en *ghēi-/ghī-* bûten it Germaensk ek wiidforspraet. Inkelde fan 'e foarmen, dy 't wy it maklikst neikomme kinne, binne gryksk χάσχω) `ik gapje wiid', χάσμα 'great gat'; lat. *hiare* `gapje, gouwe, wiid iepenstean'.

W.J. Buma.

1) Forlykje Th. Siebs, Geschichte der friesischen Sprache yn : Grundriss der germanischen Philologie, hrg. v. H. Paul, 2. Aufl., Strassburg 1901, dl. 1, s. 1230 en 1428.
2) Dit *-gêla* moat men dus net bitiizje mei in oar âldfrysk *gêla* `jeije' (<**gôljan*).
3) Sjoch noat 3 op s. 9.
4) Dit wurd, dat net yn it wurdboek fan Waling Dykstra stiet en likemin yn dat fan 'e Fryske Akademy to finen is, waerd neffens de hear S.Tj. Molenaar yn 'e seilmakkerii brûkt, lyk as er Drs. T. Hoekema yn in brief to witten dien hat. Wy tankje de Grouster fakman tige foar syn ynljochtings en soene der priis op stelle, as er nochris de hiele Fryske seilmakkerstael foar de wittenskip fêstlizze woe.